

# Sa moai as poes

skreaun foar de Oerstek-musical fan 2002

kearsang:

mjau, mjau, mjau, mi-au-auw	C	F
in kat is wier net flau	G7	C
mar altyd skerp en altyd skjinn	A7	Dm
wy dogge dochts ús eigen sin	B7	Em
de aldertûkste yn 'e hûs	F	C
bin wy sa moai as poes!	G7	C

katten bin geweldich, sa linich moai en tûk	Am	E7
wy kinne alles dwaan en oeral komme	Dm	E7
wy jouwe leave kopkes en spinne dan sa smûk	Am	E7
wy sitte graach foar 't rût tusken de blommen	Dm	G7

kearsang:

katten bin geweldich, ja, better as in hûn  
wy bin de bêste bisten dy't der binne  
wy falle altyd kreas wer mei ús poatsjes op 'e grûn  
en kin sa lekker lizze yn 'e sinne

kearsang:

katten bin geweldich, wy witte oeral fan  
wy heare alles mei ús spitse earen  
yn tsjerke, skoalle, winkels, en dat nijs bringe wy dan  
by Tibbe, dan kin dy der wat fan leare

kearsang:

katten bin geweldich, wat sneu no foar Minoes  
om hjir sa as in minske om te rinnen  
sy moat mar gau feroarje wer yn in moaie poes  
dat's bêste dat wy foar har winskje kinne

kearsang: